

Taspraak Hylke Speerstra tidens jubileumkonsert 50 jier LMK yn gereformearde tsjerke op 'e Lemmer, op sneontejûn 24-1-2015.

=====

*'Fertel my nochris de ferhalen dy't my lang, lang lyn sa dierber wiene.'*

It is de fraach, hast de lêste needrop, fan de Ingelske dichter, sjonger, liegk komponist Thomas Bayly. It wie op de man syn 50<sup>ste</sup> jierdei, en dy hie Thomas mar mei muoite helle. Alles wie op en wei by de man, alles yn him wie dwêst, oant en mei syn lêste ynspiraasje, syn allerlêste ferhaal.

Thomas. Hy hie noch boeken skroei wolle. Noch lieten komponearje sille en arranzjeminten meitsje wold. Hy hie nochris achter syn oargel krûpe kinnen, syn koaren ballades en tsjerkelieten sjonge litte wolle. Mar Thomas stie droech. Gjûn ferhaal mear, en gjûn dreamen en gjûn liet. En dan hâldt it op.

Dêr siet Thomas Bayly, by wize fan sprekken op de râne fan syn stjerbêd meilijen mei himsels te hawwen. Syn lêste liet wie net mear as in needrop:

*-Tell me the tales / That to me were so dear / long long ago.*

Oanwêzigen! Sjogge ús sjongende Lemster Abrahammen der út as de útbluste, om ferhalen jammerjende Thomas Bayly anno 1815? Welnee! Mannen!, jim hawwe noch mar in heal ieuke bestien! Jim hawwe krek lang genôch bestien om goed yn songen te wêzen. En dan binne jim no.

Jim hawwe stimd oant it stimde. Jimme ha de goede toan fûn, jim ha de toan setten. Yn in ryk ferline en foar in útdaagjende takomst.

Alle respekt, want jim haw yn dy 50 jier as kollektyf in unike stim hearre litten, en dêrmei tûzenen minsken rekke. Minsken bliid makke. Ferrike. Emotionearre. Net allinne op de Lemmer, mar oeral. Fan Teakesyl oant Tasmanje.

Wier, op dizze oere, earne yn Down Under, yn Amearika of Brasylje rydt in Fries op syn trekker of yn syn car mei jim stimmen yn de koptelefoan. 'O mei dear', sei de frou njonken de sjauffeur, 'ik bin eefkes werom op it stee dêr't de dyk it lân om klammet.'

Goed. Jim binne noch mar fyftich, en der leit noch altyde in see oan âlde en nije ferhalen dy't noch yn alle toanaarden songen wurde kinne. Yn dy oanloop fan dy heale ieu ha jim ûntdutsen dat de ferhalesee ûnbidich wiid en djip is. Net allinne beide testaminten en in pear hûndert tsjerkelieten lizze, yn al harren berimmingen, altyd wer foar jim iepen slein, in wearld oan ferhalen slút der op oan. Lit dy âlde kerbintige Thomas Bayly mar grine, wy ha de takomst.

Sjongfreonen, ik kin mar net litte jim te priizgjen. As kollektyf binne jim bejêftige mei in hiele bysûndere, aparte stim. Jim moaie smoking en Frysk kostúm is mar de bûtenkant, jim haw in eigen binnenkant, toan, in eigen *sound of voice* taskikt krigen.

Tidens in konsert, dêr't ik as ien fan de oanbringer fan ferhalen by op de planken stie, haw ik wolris falle litten dat jim koar noch wat fan it Suderseesâlt in de kielen hat. As it Lemster Manljuskoar *See see do wide see* sjongt, dan priuwe se yn Drachten, Burgum, Kollum en Dresden, Haarlem en Parys it skûm fan de weagen út de tiid dat de Ofslútdyk der noch net wie.

En dan falle der *sometimes* ek al like sâlte trientjes op de *Frisian Club* of Fryske Krite yn Wellington-Nij-Seelân, of yn Wisconsin USA.

En no moat ik oppasse, want oars wurdt dizze hiele keppel âlde bokkingen ek noch eigenwiis... Jimme haw yn de begeasterjende musikus en grutte fakman Harm van der Meer in dirigint troffen dy't in tsjinpoal is fan de fersliten Thomas Bayly. Hy wit it koar sa fier te krijen dat sjongers en harkers rekke wurde. Mei syn talinten en oertsjûgingskrêft hat er in knoarre betsjutten foar de Fryske muzyk- en sangkultuer.

No is der fêst wol in Lemster dy't tinkt: Wat hat sa'n boekeskroeier út Hearrenfean mei ús koar te meitsjen. Wolno, ik kaam it koar tsjin wylst ik ek op de wide see fear. Om ek op ferhalen te fiskjen.

Ik dobbere yn in wif en amper seewerdich skriuwersarkje en dêr ferskynde op de kime in mânske Lemster aak. It wie de feneamde **LMK 1965**. Rintsje Kok stie oan it helmhout, robúst as altyd. Eise Hornstra en Jan Oenema hongen mei yl yn 'e hannen oan de skoaten. Wat in skipper. Wat in bemanning.

Wy belânen yn it foarûnder fan de stoere aak en rekken oan it palaverjen. See en wyn nûnderen harren liet, in stoarmlampe bongele boppe de messelbank, der kipere in oanstutsen drankflesse hast om - mar krekt net...- der skode in lûk iepen en in wûnderbaarlike ferskinning yn smoking, in manspersoan mei weagjend griis hier, riisde foar ús op.

Ik wie ferbjustere en die de hannen suver al hast gear. Eise Hornstra bleau kalm, as altyd, hy sei: 'Dat is no Harm Hylke, Harm van der Meer.'

Harm yn de ferskinning fan de *maestro*. Hy sei, op syn Bantegeasters: Moai Hylke, moai datst der biste, want ik wit it, do en ús koar fiskje op deselde ferhalesee. Wy begripe elkoar.' Bliuw do mar in konsertmennich oan board.

En sa't de snoekbears - sa wolle âlde Lemsters ha -in krusing is tusken bears en snoek, sa haw wy doe oan board fan dy Lemster aak in soartemint krusing kre-earre

tusken literatuer en muzyk; fan in in literêr optreden, ferweve mei in muzikaal sjongprogram.

Yn in stik as seis, sân optredens kombinearren wy dêrnei sang mei muzyk en ferhalend proaza. Doe't wy dêrmei ús earste optreden achter de rêch hiene - dat wie yn de Boalsserter Martinitsjerke - seine Eise en Rintsje suver tagelyk: "Mannen, dit is te moai om it net nochris te dwaan."

En no kin ik sizze: Weardefoller optredens as skriuwer haw ik nea meimakke. Wat in begeastering. Wat in ynset. En freonskip. Wylst bin ik der wis fan: Wolle wy yn Fryslân mei koaren (en korpsen) en mei taal en literatuer mei de tiid mei gean en in soad folk berikke, wit dan dat wy inoar fersterkje kinne. Dat hoecht net altyd mei deselde skroeier. Der binne mear Fryske fertellers.

Mar tink der wol om: der is mar ien Lemster Mannenkoar.

Foar my is der allinne noch de tankberens. Want op de Lemmer haw ik heard en leard wat sjongen losmeitsje kin.

.It is it LMK dat Thomas Bayly it swijen oplein hat!

Rintsje Kok, dy't 12 jier in geweldige foarsitter wie, hie it niis sa moai oer in ridende trein. Wolno, nei dit gouden jubileum sil dy trein wer troch dinderje, no en dan stopje om minsken útstappe en ynstappe te litten. Hjoed steane wy efkes stil by de halte TANKBERENS.

Ik bin jim tankber. "

==--0==--

HS, 24-01-2015